De Twirre

maart 2021

Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 38e jiergong nr. 1: maart 2021. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente.
Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 maaie by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra till.	0546 - 840 484
	totzondag@gmail.com	
Skriuwer	Auke Hoekstra	0545 - 29 2836
	Barmentlo 18, 7161 KH Neede	
	a.hoekstra1@lijbrandt.nl	
Ponghâlder	Piet Visser	0546 - 825110
	ponghalderffk@gmail.com	
Leden	Grieteke van der Veer	074 - 291 8564
	gpvdveer@gmail.com	
	Grietsje Posthumus	074 - 242 7217
	grijshengelo@gmail.com	
	Joukje Eringa	joukje.eringa@gmail.com
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo	
	lj.bonhof@hotmail.nl	

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn ’t jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen

- De boer moat sels de leie ha.
- Dat binne de boer syn guozzen net.
- De boer syn sinten binne djoer.
- De domste boer hat soms de dikste ierappels.
- It is de boer allike folle oft de ko skyt of de bolle.

Belangrike data.....Gjin data!

Heal febrewaris hie it bestjoer wylde plannen om mei in bus fol Twentse kriteleden nei Bartlehiem te reizgjen mei pannen fol snert foar dielnimmers oan de 'Tocht'. No ja, yndied, wylde plannen, eins mear in grapke fan de foarsitter. Op dit momint is it net mooglik data fêst te stellen foar in kritejûn of oare aktiviteiten. We sitte noch hieltyd yn in strikte lockdown mei jûnsklok. En it is noch lang net wis hoe lang as wy noch mei it koroana-firus te krijen ha. Der sille ûnder de leden fan ús krite fêst ek minsken wêze dy't oanstutsen binne troch it firus. Wy hoopje dat dy der net al te slim siik fan west ha! Undertusken binne der grif ek al kriteleden dy't ien as twa kear yninte binne. Wy hoopje dat we inoar yn 'e kommende neisimmer of hjerst wer, yn sûnens, moetsje kinne. ☐ It bestjoer

Famyljeberjocht

Op 21 jannewaris is ús kritelid Pietje de Boer út Hengelo stoarn yn de âldens fan hast 90 jier. Pytsje wie berne yn de omkriten fan Grou. Yn de Twirre fan maart 2020 hie se noch in moai stik skreaun oer Sint Piter. Pytsje die aktyf mei yn ien fan ús lêsgroepkes. Dêr sille wy har o sa misse. Us meilibjen giet út nei har neiste famylje en freonen, dy't wy in soad krêft tawinskje. ☐ It bestjoer

Toch noch op redens 14 febrewaris

’t Wie sierlik waar en winter, en elk dy’t ride koe dy ried. Men wit hoe’t dat yn ’t Fryske lân winterdeis altiden giet. As al wat jong is, earst oan’e gong is, dan binn’ ek de âlden net mear te hâlden. Hja koene ’t foarhinne fan mannichien winne en wolle ek in streekje dwaan.
Opiens wie it safier, echt winter! In dik pak snie soarge foar in sprookjesachtige wrâld. En ek noch strange froast…., dus sterk iis! It ridershert begûn te kribeljen en te twifeljen: “Doar ik it noch oan? Moat ik it wol dwaan.., wêr kin ik hinne.., is it iis oeral fertroud? Fan de iisbanen dy’t iepen binne moat je lid wêze en in tiid besprekke. As ik fal kom ik miskien op de toch al drokbesette helppost telâne, en dan skamje ik my dea. Wat moat sa’n âld mins noch op it iis?” It wynt je yn it gat om, je wurde der suver raar fan. “Sil ik al…, sil ik net? Eins wol ik wol graach!”
De dochter belle: “Wy wolle moarnier te riden op de viver by de Houtmaat. Sille we mem ophelje?” Klear wie ’t!! Ik ha in oere op dy moaie viver te riden west mei ús dochter en twa beppesizzers. Ik bin net fallen en it gie as fanâlds. Ik ha genoaten! Mar der is in âld waarsechje: “As de âlde wiven op it iis komme, wurdt it teiwaar!” Sa wie it no ek. We ha noch krekt de lêste kâns waarnommen op dy moaie sneintemoarn. □ Ali

De preek

Twa minsken fan tsjin ’e sechstich binne yn it húske fan Agema kommen, hjir krekt bûten de buorren. Wer tegearre. De bern troud. De man fljocht noch alle dagen mei in iepen frachtautootsje de wrâld yn om ôffal. Ald papier, plestik, izer en sink, hy sleept fan alles oan.
Fan ’e wike sei er: “No bin ’k achtenfyftich en oan âld izer ta. Der sit in stikje brea yn. Dêr is ’t ek mei sein. Ik wit net oft ik dit wol oan myn fiifensechtichste ta folhâld. Ik sil der mar net tefolle oer ynsitte. Oan distiids ta is it noch altyd goed kommen, al ha wy der wol raar foar sitten. Mar ik ha in winkel hân, ik ha reizger west, mei de hiele ris en dis binne wy nei Kananda stutsen. Dêr koe ’k it ek net fine. Doe mar werom. Ik ha by de ferver west en yn in fabryk. Jo kinne it suver sa raar net betinke of ik ha it by de ein hân. No binne de frou en ik hjir dan telâne kommen. De bern te plak en ik sit yn it âld papier. Men moat wat by de ein ha no? It giet om it brochje. Mar ris sjen hoe lang as it duorret. Ik sis altyd, de pinnen mar net te fêst yn ’e grûn.”
As tapassing sei er deroerhinne: “Dat jildt nammers foar ús allegear. Kinne jo my neikomme?”

□ Paulus Akkerman út: “Wat wie ’t wat”

Even puzelje

De oplossing fan de foarige Frysk-wurd-sudoku wie: fuortgean. Miskyn ha guon de smaak te pakken krigen fan sa’n soarte puzel.
Dêrom noch ien kear sa’n Frysk-wurd-sudoku. No moatte de 9 letters **A B E F J L O T U** elk ien kear ynfuld wurde yn elke rige, elke kolom en elk fan de 9 fakjes fan 3 by 3 hokjes.
As je him goed oplosse, stiet yn de middelste rige in Frysk wurd.

		J	U	A				L
U		A	J			E		T
	O				F	J		
		L	F			B		O
	U			B				
T	E			J	L		A	F
			B		J		O	U
	T	F		U				
O	B				E	T		J

□ Eeke

Lês- en praat-groepkes

Yn 2013 is ús earste lêsgroepke útein set. It wie bedoeld om ús meinoar mei de Fryske taal dwaande te hâlden troch Fryske koarte ferhalen, boeken en gedichten te lêzen. Nei de earste ûntdekkingen hoe't de Fryske klanken útsprutsen en skreaun wurde, kamen ek âlde siswizen, famylje- en streek-ferhalen fan de dielnimmers boppe. Soms seagen jo der wat fan werom yn De Twirre. Sa as de skiednis fan it Sint Piter feest yn Grou, skreaun troch Pytsje de Boer ferline jier maart. Pytsje is spitigernôch ôfrûne jannewaris stoarn. Ien fan ús groepke sei: as der ien fan ús 100 jier wurde soe, dan moast sy it wol wêze; se fytste en kuiere in soad en wie o sa helder fan geast. Lykwols, se mocht krekt gjin 90 wurde. We sille dizze fleurige, lyts mar krigele frou o sa misse!
No in praatgroepke? Yn 2017 kaam der in twadde lêsgroepke by. It die bliken dat der kriteleden bykamen dy't it net sasear om it Frysk lêzen gie. Nee, ferstean en lêze koene se it Frysk wol, mar it Frysk pràten gie har net sa linich ôf. It wie faak sykjen om wurden, omdat se froeger de taal net aktyf brûkt hiene. No, hoe't it by Daniëlle gien is, hat se hiel moai ferwurde yn de foarige Twirre. En de redaksje fan de Twirre krige fan immen dy't harsels yn dit ferhaal herkende, de réaksje: kin der net in Frysk praatgroepke foarme wurde? No, tink ik dan, dat moat altyd wêze, as der belangstelling foar is. Fansels sil der yn sa'n groepke ek wol ris wat lêzen wurde, want je moatte fansels wol eat ha wer't je òèr prate kinne. Wa't tinkt: dit liket my ek wol wat, nim dan kontakt mei my op: till. 0546-850970 of e-mail *kpdeboer@planet.nl*. Nei de koronatiid wol ik graach besjen hoe't, ek mei de besteande groepkes, hjir foarm oan jûn wurde kin.

□ Eeke de Boer

Tinzen *(Harmke Lolkema)*

De moarnssinne skynt
yn 't bûthúsrút
en sweltsjes fleane hastich
de skuorre yn en út
en ik lústerje nei it petear
fan twa eksters yn 'e flear
en wol hûndert protters
tsjotterje yn 'e hege beam
en ik bliuw stean
en tink
wat in drokte, al sa ier,
mar wat makket it my blier.

Tuorkemjitters en lyntsjesnijers

Bêste redaksje fan de Twirre, de toer op de efterkant fan de lêste Twirre is fan de tsjerke fan Aldeboarn. De tsjerke fan Hylpen hat ek in soksoarte toer, beide toerspitzen hawwe in trijedielige kandelaar as foarbyld. No wat oars.
Der is in âld ferhaal yn omrin dat de Aldeboansters *tuorkemjitters* neamd wurde. Yn it jier 1735 wie de toer fan de tsjerke fan Boarn tige stikken, de wjerlocht hie der in kear ynslein. Men besleat in nije toer te bouwen. No wie it de winsk dat dizze toer de heechste fan Fryslân wurde soe. Oant dêrta wie de toer fan Tsjom de heechste. Men besleat de toer fan Tsjom te mjitten. Op in snein besochten in stik of wat mannen de tsjerketsjinst fan Tsjom, om stikem yn de toer te kommen en dy mei in lang tou te mjitten; dat slagge wûnderbaarlik. Nei de tsjinst gongen de mannen nei it kaffee neist de tsjerke foar in bakje kofje en in ôfsakkerke. De tongen kamen los, de tsjinstfaam hearde wat bard wie. Sy nei dûmny Wiarda en dêr fertelde se it ferhaal. “Witsto wat,” sei Wiarda, “snij stikem in stik fan it tou ôf, dan hâlde wy de heechste toer.” En sa barde it. De toer fan Aldeboarn waard boud yn 1736-37, mar blykte in hiel stik lytser te wêzen as de toer fan Tsjom, wol 26 m. De Tsjommer toer is 72 m en de Boanster mar 46 m. Yn 1968 hat men dy beide tuorren nochris neimetten mar no allinnich it opmetselde diel. Dêr blykte it ferskil net grut, mar 14,5 cm, de muoite net wurdich. Mar oant no ta bliuwe de Aldeboansters de “tuorkemjitters” en de Tsjommers de “lyntsjesnijers” □ Hendrik Tel

Noch in limmerik fan Atze

In boerefeint út Terherne,
dy’t al jierren yn Bûtenpost wenne,
fûn de kar hjoed mar dreech,
beide sporten hie er heech.
Och, wie er mar yn Frjentsjer berne.

Dit slacht op it feit dat op de lêste woansdei yn july trije grutte sportevenminten wiene: hynsteriden yn Bûtenpost, skûtsjesilen op’e Snitsermar by Terherne en keatsen (PC) yn Frjentsjer. □ Atze Keulen

Boerinne

Myn beppe Afke makke yn 1945 in gedicht foar de krante oer fakânsje; se wûn de priis, fl 25,00.

□ Siebe Hiemstra

***S**oe in stedman dat begripe kinne?*
’k Bin al tweintich jier boerinne
Myn man gong fiif jier forlyn al hinne
’k Moat faak efter de bern oanrinne.
Hoe soe ik mei fakânsje kinne?

***M**yn bern binne beslist gjin minne*
Mar se rinne wolris oer jin hinne
Sadwaande kin ’k net fan myn post ôfrinne
Hoe soe ik mei fakânsje kinne?

***D**oe ’t myn man der noch wie, foarhinne*
Wie der altyd folle mear sinne.
’t Libben kin swier wêze allinne
Hoe soe ik mei fakânsje kinne?

***O**er de buorkerij moast ik wolris stinne*
Moatte de kij wol yn de finne?
Wêr moat de stront no wer hinne?
Hoe soe ik mei fakânsje kinne?

***S**oe ik net mear bidde kinne*
Hwer moast ik mei myn soargen hinne?
Kristus wie foar my allinne,
Wei falt alles om my hinne.
Soe fakânsje my wat skele kinne?

Boerinne

Driewegsluis by Nijetrine

Slûzen kenne wy allegear wol; in bak wetter tusken twa muorren en oan oan wjersiden twaris twa slûsdoarren. Dat it ek oars kin, is te sjen by Nijetrine. Hjir, yn it ferlitten lân op de grins fan Fryslân en Oerisel, leit de Driewegsluis, in slûs mei trije útgongen. En dus trije kear twa slûsdoarren. Dizze bysûndere fariant fan de rjoch-ta-rjocht-oan-slûs is yn 1927 boud op it punt wêr't de ûnder-Linde, de boppe-Linde en de Helomafeart byinoar komme; trije wetters mei elk in eigen wetterpeil. Yn 1973 die bliken dat de slûs te lyts wurden wie. In pear hûndert meter fierderop waard in nije slûs makke yn in nij groeven earm fan de Helomafeart. Yn 1995 is de Driewegsluis opnij yn gebrûk nommen foar de rekreaasjefeart. Troch in feroaring yn de wetterhúshâlding hat it wetter yn de boppe-Linde no itselde peil as yn de Helomafeart. Foar wettersporters dy't fan de kop fan Oerisel nei de Fryske marren farre wolle, is de Driewegsluis in bekend punt. De slûs wurdt allinnich yn de simmermoannen betsjinne. Op in eilantsje tusken de trije wetterlopen stiet Paviljoen Driewegsluis. Driewegsluis, Lindedijk 2, Nijetrijne. Tichtby de Driewegsluis leit it natuergebiet De Rottige Meente, tagonklik fanút Nijetrine.

□ út: "200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben"
Annemarie Bergfeld

Geduld *(Reinder Posthuma)*

Roerleas stil oan de wetterkant
Stiet in reager slank en prûs
Wachtet op in lekker hapke
Tiid har er by de rûs.

Oer' en tiid is by him gjin tel
De opbringst ek net te sizzen
Wachtsje, wachtsje mei geduld
Foar ús net út te lizzen.

Dan opiens komt der in kâns
Wat swimt dêr yn it wetter?
In griene kikkert achteleas
Foar de reager kin 't net better.

Ien haal mei syn skerpe lâns
Sa ferdwynt in kostber miel
Mei in pear flinke halen
Troch reagers slanke kiel.

Geduld dat wurdt beleane
Wy ferjitte dat te faak
Mar kin' fan in reager leare
Geduld is "een schone zaak".

“Leaver dea as slaaf”

De spreuk stiet op in grutte stien op it Rea Klif oan de Iselmar, wêr’t alle jierren op 26 septimber in betinkst is, dat de Friezen de Hollanders ferslein hawwe yn 1345. Mar wêrom dit ferhaal? Wy wienen yn septimber, foarich jier, oan it fytsen yn Dútslân, de hiele Weser bydel. Start yn Hann.-Münden en oant Cuxhaven ta, it wie bysûnder moai waar. Sa kamen wy ek yn Rodenkirchen, in lyts plakje tusken Oldenburg en Bremerhaven. It ynteressante dêrfan wie: se hienen in Friesen-Denkmal! Wat? Tige nijsgjirrig wêr’t dat wie, dus op de fyts der hinne. En wat sjogge wy dêr, in hiel grut stânbyld fan sa as se dat neame de *Hartwarder Friese*. Sa as jimme op de foto sjogge wie der hiel wat mear jild oan útjûn as oan it monument op it Rea Klif. Derûnder wie in plaatsje mei de tekst:
“Hier an der Hartwerder Landwehr endete nach tapferen Widerstand gegen ein Übermächtiges Grafenheer am 21 Januar 1514 die Freiheit der Rüstringer Friesen durch schändlichen Verrat.
Lewer dod as Sklav!”

□ Tia Walstra

Straaljager. De boer hie faak lêst fan fleantugen oer syn pleats. Hy klage. Doe mocht er in kear mei yn’e straaljager. Hy der yn, efter de piloat, dy joech gas en samar wienen se op hichte. “Hie’k wol tocht,” sei de boer. De piloat seach ris om en fleach fierder en makke kaprioalen. “Hie’k wol tocht,” sei de boer wer. Doe in pear loopings. “Hie’k net tocht,” sei de boer. Wer op’e grûn frege de piloat wat er bedoelde. “No, dat ik it yn’e broek dwaan soe, hie’k wol tocht. Mar dat it my yn’e nekke rinne soe, hie’k net tocht.”

Ferlies fan Fryske kulturele persoanen

Lytse Teake stoarn. Op 28 desimber is Teake van der Meer stoarn yn de âldens fan 84 jier. *"Lytse Teake fan de Westereen"* wie de ienige echte Fryske folkskomyk. Yn mear as 50 jier hat Teake tûzenen minsken in fleurige jûn besoarge. Hy luts folle sealen yn Fryslân en dêrbûten mei syn selsbetochte programma's. Hy waard benammen ferneamd mei syn typkes as Appie mei Bello, Auke Orgel en Matsje fan Jan. Hy fûn it moai as minsken even dom laitsje koene, even sûnder soargen. Teake doarde eins net te fleanen, mar hy hat toch in kear nei Kanada en Amearika west en hat dêr foar Friezen om Utens spile, mei grut súkses. Sa'n 15 jier hat er tegearre optreden mei sjongeres Gryt Wiersma en gûcheler Minze Dijkstra. Nei't er foarige hjerst te hearren krigen hie dat er slim siik wie, hie er noch graach ien kear op it poadium stean wollen om ôfskie te nimmen, mar dat slagge net mear.

Joop Mulder (Oerol) stoarn. Op 10 jannewaris is Joop Mulder stoarn yn de âldens fan 67 jier. Hy wie de inisjatyfnimmer en âld-direkteur fan Oerol op Skylge. Hy begûn yn 1982 fanút syn kaffee de Stoep yn Midslân op Skylge mei Oerol, dat er fanút syn wenkeamer organisearre. It festifal begûn lyts, mei teaterfoarstellingen op de stoepe en yn lytse skuorkes en groeide út ta ien fan de grutste teaterfestifals op lokaasje yn Europa. Joop wie fan grutte betsjutting foar de keunstwrâld yn Fryslân. Nei Oerol rjochte Mulder him op it lânskipsprojekt "Sense of Place", in samling projekten oan de Waadkust, in mingeling fan keunst en natuer om dy Waadkust better op de kaart te krijen en sa de lokale ekonomy in ympuls te jaan; û.o. de bylden fan de tinne en de dikke frou op 'e dyk by Holwert. Hy soarge der ek foar dat de grutte reuzen nei Ljouwert kamen tidens Ljouwert Kulturele Haadstêd yn 2018.

Skilder Jan Kooistra stoarn. Keunstskilder Jan Kooistra út Dokkum is stoarn op 21 jannewaris. Kooistra skildere benammen de natuer om him hinne. It Fryske lânskip, it Waad, blommen en bisten ynspirearren him altyd wer. Kooistra hie himsels it skilderjen leard. Hy skildere sa 't er it sels sei "skildereftich realistysk". Njonken de natuer hat er ek grutte religjeuze doeken makke. Hy wie in Dokkumer mei nasjonale bekendheid. Yn Dokkum hie er in eigen galery, mar hy hat ek ferskate grutte eksposysjes hân û.o yn kastiel Groeneveld yn Baarn en yn it Singermuseum yn Laren. Jan Kooistra is 70 jier wurden. □

Nijs út Fryslân

Flylân en Skylge. De histoaryske Steateseal yn it provinsjehûs yn Ljouwert bestiet 125 jier. Dêrom krijt de seal der twa glês-yn-lead ruten by. It giet om ruten mei de wapens fan Flylân en Skylge. De twa eilannen krije lang om let in plakje yn de Steateseal. Dat wie noch net it gefal omdat Flylân en Skylge earder by Noard-Hollân hearden. De Steateseal is 125 jier lyn makke mei glês-yn-lead ruten fan alle stêden en gritenijen dy't doe by Fryslân hearden. Glêskeunstner Annet van Midwoud út Eastermar hat de nije ruten makke. Kommissaris Arno Brok fynt it spitich dat de Waadeilannen net fertsjintwurdige binne yn de provinsjale steaten. Brok sei dit nei it ûntbleatsjen fan de wapens fan Flylân en Skylge. "Der wurdt faak oer it Waad praat sûnder dat der minsken fan de eilannen bysitte. As ik sjoch hoefolle jild der bestege wurdt oan it Waad en de eilanner mienskippen, dan freget dat echt om fertsjintwurdiging fan de eilannen sels."

Earste ljipaai. It earste ljipaai yn Fryslân is dit jier fûn op 8 maart yn de greide oan de Spriens yn Raard troch Simon Spriensma út Dokkum. Hy is der wakker wiis mei: "Dan stiest te triljen op 'e fuotten en it hert slacht in kear oer." De finer fan it earste aai is huldige yn de Steateseal fan it provinsjehûs. Hy krige de sulveren ljip oerhandige troch kommissaris Brok. Earder wie de huldiging altyd yn it fjild of op it hiem fan de pleats dêr't it fynplak by hearde. Om de rêst yn it fjild te hanthavenjen is no keazen foar de Steateseal as plak foar de huldiging.

Fryslân troch de eagen fan in oar. Skriuwer, kuierder en ûntdekkingsreizger yn eigen lân Flip van Doorn hat in boek skreaun oer Fryslân: "De Friezen". Yn 2010 ferhuze Van Doorn nei Fryslân. Sûnt dy tiid besiket er te begripen wêr't er te lâne kommen is. As je fan ôfstân nei Fryslân sjogge, liket it ien gehiel mei eigen flagge, taal, folksliet en kultuer. Mar as je der tusken wenje dan docht bliken dat elk doarp syn eigen Frysk sprekt en dan blykje de Friezen hiel ûngelyk te wêzen. Hy wol mei dit boek de net-Friezen in ynkyk jaan yn de provinsje mar ek de Friezen sels in spegel foarhâlde. Somtiden bin frjemde eagen nedich om mei in nije blik nei dysels te sjen. Van Doorn hat it boek oanpakt as in reisboek. Hy hat 11 tochten útstippele troch Fryslân, mar hy hat it dêrby hiel breed nommen. Yn de Midsiuwen lei it Fryske taalgebiet lâns in folle langere kuststreek. Dêrom hat er ek nei de Halligen west, eilantsjes foar de Dútske Waadkust dêr't de minsken noch op terpen wenje. It boek is Nederlânsktalich. □

Piksjitte yn Earnewâld by teiwaar

Yn Earnewâld waard in iuwenâlde tradysje wer libben ynblaasd op de dei dat de winter foarby wie. It hat wol wat fan jeu-de-boules wei mar it wurket krekt wat oars; mei blokken hout, sinten en tei-iis. Dat lêste is de reden dat de tradysje ûnder druk stiet. “Wy hawwe sels in piksjitferiening hân yn Earnewâld, mar it kin allinne mar as der iis leit en der teiwaar komt,” seit Hendrik Wester. “De gemalen draaie noch net, de sinne skynt net en it hat reind. Dus dan kinne je it in pear dagen folhâlde. As it riden hjir dien is, sette wy útein mei it piksjitten. Dat dogge wy mei houten blokken mei lead deryn. Dêrmei moat in oar houten blok rekke wurde dêr’t sinten oplizze. Falle dy der ôf en lizze de munten mei de kop omheech dan hat de spiler se wûn. Eartiids diene se it oer hiel Fryslân wol. De skippers en de reidsnijers dy’t noch net te farren of nei it fjild koene, dy diene oan piksjitten foar de ferdivedaasje.”

Mei dûmny op ’en paad

Syn nocht. “O, dûmny,” sei it âld minske, “ik soe sa graach dea wêze wolle!” Alle kearen as dûmny by har op húsbesite kaam, wie it itselde ferhaaltsje: “Ik wol sa graach dea!” Dûmny hie dêr syn nocht wat fan.
Doe ’t it op in kear wer sa fier wie sei dûmny: “Goed, frou Terpstra, wy sille bidde dat jo der moarn net mear binne.” Ferheard seach se dûmny oan: “Mar dûmny, sa hastich hoecht it no ek wer net.”

Aardich better. Nei de tsjerketsjinst sei in gast-dûmny tsjin de koster: “Nim my net kwea ôf dat ik it sis, mar jo hiene gjin gleske wetter foar my klear setten op de stoel!” “Blinder man,” sei de koster, “ik ha it glêd fergetten, mar oer in pear wike komme jo hjir wer, dan sil ik der better om tinke.” Doe ’t dûmny de oare kear wer op ’e stoel kaam, preau er efkes en ja hear, krekt wat er tocht: Seven Up mei in jonkje der troch. Eefkes letter heve er it glês foar de gemeente en sei: “Sjoch, libben wetter, as ik it goed ha.”

□ Marten de Boer

(advertinsje)

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgongspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden
tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres
Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in kompleet oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Ir. Abe Bonnema Stichting · provinsje fryslân provincie fryslân · SNN · Ministerie van Economische Zaken, Landbouw en Innovatie · BankGiroLoterij CULTUUR MAAKT JE RIJKER

Tiden hawwe tiden

De wask waard meast mei de hân dien. Der wie gjin wetterlieding, it wetter kaam út'e reinwettersbak of út'e sleat. By de sleat of de greft wie dan in stalt makke dêr't je op stean koene om te spielen. Dreech wurk. Frouljuswurk. It wyt guod kaam letter op'e bleek. De namme foar *"gazon"* wie dan ek bleek.

Gjin eigen Bilt mear

In ferneamde gemeente yn'e kleihoeke wie It Bilt. In eigen gemeente mei wat aparte doarpen, in eigen dialekt. Sint Anne, Sint Jabik en Froubuorren de wat gruttere plakken. En Aldebiltsyl en Nijebiltsyl as lint-doarpen oan in kilometers lange dyk. Mei Frentsjeradiel, Menameradiel en in lyts stikje Littenseradiel is it ien nije gemeente wurden: Waadhoeke.

Resept

Basisdrsessing foar slaad
2 dl oliifoalje; 1/2 dl jittik; 1/2 sipel; 1/2 appel; 1/2 boskje piterseelje; 2 ytleppels poeiersûker; 1/2 boskje fynsnien bizelok.

Alle yngrediïnten, behalve de bizelok, yn in kom dwaan en mei de staafmikser fyndraaie. Seevje de dressing, doch de bizelok dertroch en bewarje dy yn in fleske yn de koelkast. Bliuwt wol fjirtjin dagen goed.

Salade fan sâlte hjerring, reade biten, appels en jirpels (4 minsken)
200 gram koartseane jirpels yn blokjes; 100 gram appel yn blokjes; 100 gram seane reade biten yn blokjes; 100 gram augurk yn blokjes; 1/4 sipel tige fyn snien; 4 hjerrings yn blokjes en 1 hjerring foar garnearing; mayonêze; komkommer yn tinne skyfkes; 2 seane aaien (7 minuten); piper en sâlt; basisdressing foar slaad (sjoch hjirboppe).

Skyl de jirpels en snij se yn lytse blokjes. Sied de jirpelblokjes oant se mar krekt gear binne, ôfdreagje en kâld wurde litte. Snij de reade, seane bytsjes, augurk, appel en de hjerring yn gelikense blokjes. Doch alle yngrediïnten foarsichtich troch elkoar. Lekker meitsje mei piper, sâlt en dan de basisdressing en de fine sipel dertroch dwaan. Lis de tinne komkommerskyfkes op it board en doch dêr de hjerringsalade boppe-op. Mei in likje mayonêze, in garnearing fan lange reepkes hjerring en in sean aai wurdt it in prachtich gehiel.

☐ Ut: “Lekker ite mei Reitse”

Fûgelleafde *(Reinder Posthuma)*

Sa noflik sit’ se dêre
yn de âld iperen beam.
Twa kaaien, smûk tegearre
as pearke yn maaitiidsdream.

D’ âld ka dy strykt syn wyfke
leaf oer har swarte kop.
Hy pikt har fearkes kreas teplak
as wie ’t in nutedop.

Hja sjocht him oan mei fûgeltrou
en fynt him de moaiste ka.
Ik bin dyn allerleafste frou,
mei dy wol ’k aaien ha.

Sa widzje se tegearre
yn de krún fan d’ âlde beam.
En tinke oan de takomst,
in wiere fûgeldream.

Boekenijs

It sit sa, Jehannes Boorsma. Jehannes Boorsma skriuwt al hiel wat jierren koarte ferhalen. As er in ferhaal klear hie, kaam er in nytsje yn en bedarre it yn in laad. Hy skreau foar syn eigen wille, publisearjen wie oant foar koart noait by him opkaam. Hy wûn twa kear in priis by in skriuwwedstryd en doe hat er it der lang om let op weage en stjoer in nustje ferhalen op nei in útjouwer. Boorsma is in grut leafhawwer fan it wurk fan Rink van der Velde. Net dat er besiket om Rink van der Velde nei te dwaan, mar hy is de earste om ta te jaan dat der oerienkomsten binne yn de sfear en de tiid dêr't de ferhalen har yn ôfspylje. De measte geane oer âldere minsken en faak komme se út it boerefermidden. En like faak binne se de kluchtige kant neist. *Priis: 14,90.*

Quist, Koos Tiemersma. Julius Quist út Frjentsjer jout Dútske les oan learlingen op it gymnasium yn Ljouwert. Quist is eins mar in frjemde kwast. In stive harke, altyd it gesicht yn 'e ploai, hiel korrekt en bot op himsels. Hy reizget eltse dei mei de trein nei syn wurk, jout net safolle om syn learlingen en giet ek noait nei de learare keamer. As er by it oerstekken net útsjocht en oanriden wurdt, begjint er oan in reis yn in paralelle werklikheid. Hy giet op stap mei in lege rolstoel en op it lêst stapt der ek in âld hardershûn mei him mei. *Priis: 19,95.*

Beppe Xenia, Hein Jaap Hilarides. Dit boek is it twadde diel fan in trilogy oer de Bildtske famylje Wassenaar. Beppe Xenia is de opfolger fan "De trekker fan Troje".Yn dat boek gong it oer de Bildtske boeren en oer de lilkens fan boeren tsjinoer it eigen regear en "Europa" oangeande de lânboupolityk mei yn de haadrollen Hero en Friso Wassenaar. Dat wie diel trije fan de trilogy. Dit twadde diel spilet yn de twadde wrâldoarloch yn it Bildt en ek foar in part yn Maribor yn Slovenië. *Priis: 19,90.*

De Gouden iuw yn Boazum, Philippus Breuker. Yn dit boek beskriuwt Breuker it libben fan de ynwenners fan Boazum yn de 17-de iuw, en it is oannimlik dat it der yn de measte oare Fyske doarpen net hiel oars om en ta gie. De perioade fan 1585 - 1630 wie der ien fan bloei en foarútgong. Pleatsen waarden opsplitst en huzen yn de Buorren byboud. Der wie wurk genôch en in soad lju koene in bedriuw opsette. Nei 1650 bruts der in tiid fan earmoed oan. En der kaam spul tusken de roomsken en de reformearden. *Priis: 17,50.*

□ Ali Bonhof

Witte jo dat ...

- De Weidumers roeken neamd wurde? Dy fûgels binne no troch keunstner Durk Schilstra mei in kettingseage makke út in stik kastanjebeam yn Weidum.
- Nelleke IJssennager, hikke en tein yn Hengelo, de nije direkteur fan de Fryske Akademy wurdt? Se wurket no noch by de National Trust yn Ingelân. Nelleke wit in soad fan de Fryske skiednis, mar moat de Fryske taal noch leare.
- De provinsje al sûnt 1997 offisjeel Fryslân hjit yn't plak fan Friesland. Dat betsjut dat alle oerheidsynstânsjes dy namme ferplicht brûke moatte. Dat wurdt noch altyd net dien; de minister sil der no wurk fan meitsje. Yn bygelyks de media meie beide nammen wòl brûkt wurde.
- Der in fiskmigraasje-rivier fan sa'n 15 à 20 meter breed by Koarnwerdersân ûnder de Ofslútdyk troch groeven wurdt? Kosten 55 miljoen euro. Nergens op'e wrâld komt soks foar. It soe goed wêze foar de beropsfiskerij èn foar it eko-toerisme. De fisken sille te folgjen wêze troch in ûnderwetter-finster.
- It Noardwesten fan Fryslân mear leven te ferduorjen krijt? Earst wiene dat de F-35 fleantugen, dy't folle lûder binne as de F-16 op de fleanbasis by Ljouwert. Ek de nije radar by Wier makket safolle lûd, dat de minsken deroer krimmenearden. Nachts is er derom útset.
- De Twirre ien fan de djoerste posten is foar de krite? Dat komt troch de drukkosten en de kosten foar it ferstjoeren fan de boekjes.
- As jo noch fergetten hiene om de kontribúsje foar dit jier te beteljen, jo dit noch altyd dwaan kinne? Graach sa gau mooglik!
- De snieklokjes, akonytsjes en krookjes wer bloeiend ûnder de dikke snielaach wei foar 't ljocht kamen?
- Fan hokker plak wy in foto efter op dizze Twirre hawwe? De foarige kear wie it de toer fan Aldeboarn, Hendrik Tel hie dat goed sjoen.

FERFEEL JO NET :
GEAN OER IN FRYSK BOEK TE SET !
belje Eeke : 0546 - 850970

fryske winkel

boek kado cd idee

skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl ynfo@afuk.nl

Frysk tichtby afûk

Echte Bakker Wouda
Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken

Wouda
De *Echte* Bakker
Hengelo
Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63